

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: Maaïke Prins, CDA
Mei-yntsjinner(s): Lid Maarten Goudzwaard Sijbe Knol, FNP Elsa van der Hoek, GriënLinks Hanneke Goede, SP Anne Zijlstra, PvdA

Moasje nr.	10
Paraaf	
Wurklistpunt	06
Beslút	

MOASJE, ex artikel 31 Reglement van orde

Steategearkomste	21 april 2021
Wurklistpunt	
Koarte titel fan de moasje	Doarpsûntwikkelings maatskippijen (DOM's)
<p>De Steaten, yn gearkomste byien op 21 april 2021,</p> <p>heard hawwende de rieplachting;</p> <p>konstatearjende dat</p> <ul style="list-style-type: none">- der foar de koarte termyn in grutte wenningbou-opjefte leit;- dêrneist it fan grut belang is om de leefomjouwing, benammen de doarpsharten/it oansicht fan it doarp, oantreklik te meitsjen en te hâlden foar de leefberens op it plattelân; <p>oerwaagjend dat</p> <ul style="list-style-type: none">- yn in tal doarpen de bewenners der, mei in bytsje help fan gemeente en provinsje yn'e foarm fan in DOM (Dorps Ontwikkelings Maatschappij), foar soarge ha dat har wenomjouwing, en dêrmei it doarpshart en it oansicht fan har doarp bot opknapt is;- dat dizze wurkfoarm in ynspiraasjeboarne wêze kin foar oare doarpen wêr't de ynwenners har tige ynsette wolle foar in moaie wen- en leefomjouwing en kwalitatyf passende wenningbou yn'e doarpen;- de provinsje al ûnderfining opdien hat mei de wurkfoarm fan in DOM en dêrmei inisjativen op dat mêd dy't fanút de doarpen ûntstean op glead te helpen en de wei te wizen;- as sprekke foarbylden neamd wurde kinne: it projekt Wadden K(I)eigoed en de doarpen Ie en Mitselwier; <p>fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten</p> <ul style="list-style-type: none">- doarpen en gemeenten romhertich by te stean mei it opsetten fan in DOM om de wenningbou-opjefte, sawol kwalitatyf as kwantitatyf, yn de doarpen fia de metoade DOM meielkoar op te pakken;- inisjativen fan ûnderop om de wen- en leefomjouwing yn doarpskearnen op te knappen troch it opsetten fan in DOM, romhertich by te stean mei advys oer de opset en oanpak fan sa'n projekt. <p>en gean oer ta de oarder fan de dei</p>	

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
---------------	---------------------------------

MOASJE

	CDA Maaïke Prins Lid Maarten Goudzwaard FNP Sijbe Knol GrienLinks, Elsa van der Hoek SP Hanneke Goede PvdA Anne Zijlstra
--	---